



## Nijsbrief fan de Feriening Bêd & Brochje

maaie 2023

### Jubileumfeest

In geweldig feest! Sa sjogge de dielnimmers werom op ús 50-jierrige jubileumfiering fan 1 april. Lang net alle leden wiene kommen, mar dat koe de pet net knûkelje. De workshops yn 'e moarntiid wiene pittich en al gau die bliken dat we tiid tekoart kamen. Dêrom sille tips fan dosinten Lydia Annema en Esther Oosterhof foar tûke foto's en duorsumens yn behapbere brokken fia de mail nei de leden stjoerd wurde. Under it rinnend buffet koe elkenien de dia-show oer 50 jier B&B besjen of de ynfopanielen mei kranteknipsels bestudearje. Ek de yntusken arrivearre âld-leden, kaaipersoanen út dy 50 jier skiednis en boargemaster Jannewietske de Vries fan de gemeente Súdwest Fryslân, dy 't te gast wiene. Sy naam it earste boekje 'Bêd & Brochje, een huis vol verhalen' foar op de gastekeamer yn ûntfangst, skreaun troch ús foarsitter Alie Rusch. Middeis wiene der spreksters: Geke Scholten oer de alderearste oere, Baukje Bosscha oer har lêzingen oer de Feriening en Lydia Hoogland, ús âldste noch aktive lid oer har B&B oan it Waad. Troubadour Bennie Huisman sleat in animearre dei ôf mei in kar út syn repertoire. Sjoch foar de dia-show en foto's fan de dei sels foaral op ús webside en Facebook!

- 50 - jierrich jubileum de skiednis: <https://bedenbrochje.nl/wp-content/uploads/2023/05/1-april-2023-50-jierrich-jubileum-de-skiednis.pdf>

- Bêd en Brochje op Facebook: <https://www.facebook.com/profile.php?id=100090003437194>

### Hoe fierder

De Feriening wie goed yn it nijs de ôfrûne perioade: de Omrop bestege omtinken oan it jubileum, de Ljouwerter Krante stie stil by 50 jier gastfrijheid en ferskate regionale kranten portrettearren B&B's yn harren eigen regio. In artikel yn de fraaie Friesland Post stiet pland foar de junimoanne. Dat is allegear fergese publisiteit, sa lûke wy net allinnich omtinken en kandidaat-leden oan, mar fergrutsje wy ek de kâns op boekingen foar jimme fia de webside. Yntusken hopen we yn de goed 50 oanwêzigen op 1 april wol potinsjele bestjoersleden te finen, mar dat foel ôf. Behalve nei nije leden is

de Feriening dus ek op syk nei bestjoersleden. Baukje Miedema en Dieuwke Visser draaie nei harren sittingstermyn no al in jier langer mei, mar heakje ôf sadree 't der opfolging is. It wurdt dus hieltyd urginter! Nijkommers komme yn in leuk team dat nei de drokte fan it jubileum efkes yn 'e lijte hopet te funksjonearjen. Wat it ynhâldt? Dat is wat je der sels fan meitsje. Op de pakwei 4 gearkomsten jiers beprate je wat der op je ôfkomt en ferdiele je de klussen dy 't je sels betinke.

### **Facebook 'liken en delen'!**

Lykas bekend stiet Bêd en Brochje mei har leden - tank sij jo ynstimming - no ek op Facebook. Klik op de link Facebook ûnderoan yn de reade balke op de homepage. Us lid Wendy Dijkstra is ús Facebookpagina oan it opbouwen troch alle wiken in folgjende B&B te pleatsen. Troch de B&B's sa ûnder de oandacht te bringen, groeit it berik hiel hurd. Belangryk dus, dat lûkt nije gasten! Alle help is wolkom.

Hast sels net in account, freegje dan dyn famylje, bern, freonen, kunde, kollega's en wa 'tst mar betinke kinst om dyn webside fia Facebook te folgjen. Hast wol in account, dan jildt itselde en kinst as 'besiker' berjochten aktyf like en diele. Ja, ek dy fan B&B kollega's, want mear ferkear op Facebook betsjut mear sjoggers, en mear kâns op boekingen.

Hast njonken in plakje op ús Ferienings-webside ek in eigen webside, lit Wendy dan witte hokker ynfo oft se brûke moat. Heart se neat, dan binne dy eigen webside-gegevens liedend. Wolst mear kwyt, lykas in 'pinkster oanbieding', in oanpassing yn dyn oanbod of in (nijs)berjochtsje mei foto's, stjoer dat dan nei [wendy1971@live.nl](mailto:wendy1971@live.nl) dan set Wendy it op Facebook.

It begjin is der: nei it jubileum hiene we al 38 folgers. Op nei de earste 500!

### **'Linke' nei webside Bêd en Brochje**

Lykas hjir boppe al sein: Hoe mear ferkear op Internet, hoe mear sjoggers, hoe mear gasten. We freegje ek help om ús Bêd en Brochje webside heger yn de ranking te krijen. Guon leden hawwe neist in plak op ús B&B-webside ek in eigen webside. Wy stelle it op priis as sy in link pleatse nei de webside fan Bêd en Brochje: <https://bedenbrochje.nl/>. Graag gau even dwaan, dus!

### **Ledegearkomste 5 oktober oansteande**

It liket noch betiid, mar is dochs handich om te witten: op 5 oktober is de folgjende Ledegearkomste. Dit is it heechste orgaan fan ús feriening, dus soargje dat jo je sechje dwaan kinne en ynfloed útoefenje kinne op ús dwaan en litten. Plak en agenda wurde noch bekend makke, mar ien ding is dúdlik. Dejingen dy 't it jubileum mist hawwe, kinne dan harren geskinkje yn ûntfangst nimme, it boekje foar de gastekeamer dus. Oant dy tiid hâlde we kontakt fia de taseine mails mei tips oer duorsumens dêr't Esther Oosterhof de oanset foar levere hat.

Graach in goed seizoen tawinske!

Mei hertlike groetnis fan jimme bestjoer,  
Baukje Miedema, Alie Rusch, Dieuwke Visser  
en Melle & Lutske Wijma